



André & Alfred

Live op TV

Ik fûn it mar gek om yn de studintekeamer fan myn heit te wêzen. Eartiids fûnen se hiele oare dingen leuk en bysûnder. De apparaten dy 't doe nij wiene, binne no âlde meuk! Dochs die myn heit, doe 't er jong wie, ek wol deselde dingen as ik no doch. Beide harkje we muzyk, beide spylje we spultsjes en beide sjogge we telefyzje! Want telefyzje, dat mei ik graach sjen.

De tv bestie yn ús heit syn tiid ek al efkes. Miskien is de telefyzje wol wat wêr'tst net op útsjoen rekkest. Want noch hieltyd sjogge minsken oeral telefyzje. De alderearste echte tv-útstjoering wie yn 1928, hast hûndert jier lyn, yn Amearika. Der wiene foar dy tiid al wol films dy't je sjen koene yn de bioskopen. Mar it wie nij dat je dingen 'live' sjen koene. Live betsjut dat watst op tv sjochst, op dat momint ek echt gebeurt. Krekt as mei fuotbalwedstriden!

Ik seach lêsten in hiel âld nijsprogramma op YouTube. Dat wie echt hiel oars as it nijs no! De presintator seach der 'pikobello' út. Mei kamme hierkes en in briltsje. En hij prate hiel deftich en rêstich, as hie er alle tiid fan de wrâld. Dat wylst it nijs no faak hurd en flitsend is. Ik tink dat de minsken doe minder haast hiene. Ast no soms it nijs sjochst, giet it soms sa fluch dat it krekt is as sy in wedstriid winne moatte.

ANDRE'S FERHAAL



1





André & Alfred

Live op TV



De tv hat in soad feroare tink ik. Je sjogge ynienen allegearre dingen dy't je oars nea sjen soene. Ik bin noait yn Afrika west, mar wol haw ik hiel faak liuwen en sjiraffen op tv sjoen. Of de presidint fan Amerika. Ik haw him noch noait moeten, dochs kom ik him gauris tsjin op it nijs. 'Sjoch ik jo wer, mynhear it presidintsje' tink ik dan.

Yn it begjin hiest wol Nederlânske tv, mar gjin Fryske. Friezen seagen krekt as alle oare Nederlanners nei Hilversum 1, 2 en 3. Want je hiene mar 3 stjoerders. Wat in ferskil! Us tv thús telt ta stjoerder 999...

Hast tritich jier lyn krige Fryslân in eigen tv-stjoerder: 'Omrop Fryslân'. De rest fan Nederlân fûn it mar in bytsje gek dat de Friezen yn harren eigen taal telefyzje meitsje soene. Mar yn Fryslân sloech it yn as in bom! Minsken fûnen it leuk om te witten wat der tichtby harren hûs barde. As ik dan hear dat der yn Brazilië in ierdbeving west hat of yn Sina in flat ynstoart is, fyn ik dat hiel sneu foar de minsken, mar ik tink wol: 'wat moat ik dêr mei?'. It is dochs sa fier fuort.

By Omrop Fryslân kin ik fan alles sjen oer wat der hjir bart. It skûtsjesilen, keatsen of oer de tiidreizen fan myn heit en my! En it leuke by Omrop Fryslân is dat samar in bekende foarby komme kin. Myn buorjunge waard lêsten bygelyks ynterviewd om't er it rekôr ta in miljoen telle yn it Frysk ferbrutsen hie. Hy wie der wol in moanne mei dwaande. Wat ellindich saai!

André





André & Alfred

Live op TV



1

Leuk om te dwaan!

Opdracht 1

Fan hokker programma soedest wolle dat it yn it Frysk is? Tekenje dat.



3



André & Alfred

Live op TV



ALFREDS ÛNDERSYKJE



Yn de skiednis ha minsken altyd al besocht om fan fierôf kontakt mei inoar te meitsjen. It begûn al by de Sineekse soldaten dy't reeksinjalen brûkten om boadskippen troch te jaan by de Sineekse Muorre del. Of de Turkse sultan dy't betocht om downen te brûken foar it bringen fan brieven. Mar it waard pas echt serieuus doe't minsken boeken begûnen te drukken. Sa koe ien ferhaal troch in hiel soad minsken tagelyk oer hiel de wrâld lêzen wurde. En folle letter kaam der ek de tv. Sa koest mei miljoenen minsken tagelyk nei itselde programma sjen.

Troch sokke útfiningen waard de wrâld eins hieltyd lytser. Fansels net yn grutte, mar wol yn hoe't minsken it belibje. Ik moat tinke oan myn oerbeppe Beitske. Lêsten op 'e souder fan myn âlden, fûn ik in deiboek fan har. Dat wie skreaun yn 1949. Dêryn skriuwt se dat doe foar it earst by har yn it doarp in telefoan kaam, se einlings prate koe mei har omke Ysbrand, dy't yn Amearika wenne. It lûd fan dy telefoans wie lang net sa goed as no, wêrtroch't je eigen stim foar de oar soms hiel oars klonk. Beppe Beitske skriuwt dat se ien kear belle waard troch in man, dy't har mei 'menear' oanspruts. Har stim klonk sa leech troch de telefoan hinne, dat er net wist dat se in frou wie. Beppe Beitske hong daliks op. 'Hier ben ik niet van gediend', skriuwt se. Pynlik! Myn frou soe my in mep jaan as ik har menear neame soe.



André & Alfred

Live op TV



Ek hat beppe Beitske de komst fan de radio meimakke. Ynienen hoechdest net mear nei konserten ta om nei muzyk te harkjen. Koest gewoan thús yn de wenkeamer harkje nei konserten. Hearlik! Beppe Beitske beskriuwt dat der yn alle húskeamers, fan Frankryk oant Sweden en Nederlân dûnse waard op Amerikaanske swingmuzyk.

Mar doe't ik lyts wie, wie alles alwer hielendal oars. Je krigen doe ek ynternet en mobile telefoans. Ik wit noch wol wat myn buorman ien fan de earsten mobile telefoans hie. Dat wiene echt joekels fan telefoans mei enoarme antennes derop, wêrmei't je allinnich noch mar belje koene. Dat wie hiel oars as no.

Beppe Beitske hat dat net mear meimakke. Sels de komst fan 'televyzje' hat se net mear meimakke. Op tv waarden der ek allegear dingen ferteld om de minsken bang te meitsjen. Yn Nederlân waard sein dat de Russen en Sinezen hiel gefaarlik wiene. Ik wit noch wol dat doe't ik lyts wie, ferteld waard dat de Russen miskien wol bommen op ús smite soene. Dat is noait bard. Ik fregge my ôf oft se dat ek wol echt woene. Yn alle gefallen wit ik wol dat ik net alles leau fan wat der op tv komt. Do moastst it net altyd serieus nimme!

~~ALFRED~~





Opdracht 2

LEUK OM TE FANTASEARJEN

Nijs is soms sa negatyf, fynst net? It giet altyd oer oarloch, sykte en dingen dy't net goed geane. Mar asto no ris in nijsútstjoering meitsje mochtst, mei allinnich mar dingen dêr'tsto bliid fan wurdst, watfoar dingen soene dat wêze? Tekenje dysels as nijslêzer. En meitsje in spraakwolkje mei dêryn de dingen dy'tst sizze soest.

2

